

# Utstalling Keunstskilder Murk Kuipers



Oant en mei septimber 2026 yn:

## Kafee De Freonskip

Woansdei > sneon 12.00 - 20.00 oere sneins 14.00 - 20.00 oere

## Teatskehûs 10.00 – 17.00 oere

*Gerben Rypma Stichting Blauhûs*

## Murk Kuipers (1928-2008)



Al op jonge leeftiid ûntwikkele him in ynteresse yn keunst. In fassinaasje foar de wrâld om him hinne en benammen foar de natuer ynspirearren him om dit fêstlizze te wollen. Op 16 - jierrige leeftiid die Murk mei oan in ABC tekenkursus. Dêrnei folge er doe't er 20 jier wie yn Boalsert de jûnsoplieding oan De Tekenschool, dêr't er de earste 3 jier fan de oplieding yn 1 jier ôfrûne.

Hy gie yn 1953 nei Frankryk, doe wiene de earste stappen op artistyk mêd al set. Letter, werom yn Fryslân, folge er de oplieding op de akademy foar byldzjend keunstûnderwiis Vredeman de Vries en helle hjir it diploma publisiteit en grafysk ûntwerper.

Keunstfreon Bauke Hobma: "In siswize fan Murk wat ik net ferjit wie: '*in skilderij is goed as it nei alle dagen besjen op dy ôfkomt of fan dy fuortgiet*'.

Murk hâlde net fan opskepperij en grutdwaan, dêr wie er te beskieden foar. En wat in oar foarbyrint, seach Murk.

Hy hat in soad socht nei techniken en stilen: ekspresjonistysk, ympresjonistysk, Cobra ynfloeden realistysk en fansels, de prachtige pintekeningen en de ' plain air ' akwarellen fan de Brek en Ringwiel.

Mar it frije abstrakte wurk hat foar my de foarkar,
dêr wie Murk in kei yn".

*Boarne: www.murkkuipers.com*



Muorreskildering (1970) yn de kapel fan it eardere Teatskehûs.
In foarstelling wêryn de boarne fan it organysk libben ôfbyld wie.



Aldegeaster Brekken










Bertehûs oan De Singel Blauhûs



Elandslaagte Boalsert

Murk Kuipers wie de lêste bewenner doe't dy ferhuze koe de sloop begjinne. Dit strjitsje is yn 1901 boud dêrfoar wie it sportterrein dat hielendal oant efter de Broeretsjerke trochrûn.

© Bolserter Oliekoeken

Gerben Rypma Stichting, van der Looswei 28, 8615 LX Blauhûs
www.gerbenrypma.nl gerbenrypma@gmail.com T 06 38909704